

In ferburgen ik, in útsprutsen ik

De nijste dichtbondels fan Eppie Dam en Elske Kampen ferskille as nacht en dei, mar bringe beide de needsaaklikheid fan poëzij as in feit dêr't men net foar wei kin.

Boeken

Abe de Vries

Yn in resinsje fan ien fan de eksperimintele proazawurken fan Bert Schierbeek seit kritikus Graa Boomsma: 'De minske is in mozaik, in kollaazje fan begjin oant ein'. Schierbeek sels (*Het Boek Ik*, 1951) leaude net yn it ôfrûne ferhaal en, as konsekwinse, ek net mear yn de tradisjonele romanfoarm. It wiene de tiden fan de Fyftigers, fan it trochbrekken fan it eksperimint en it modernisme yn de Nederlânske literatuer. 'Ik tocht dat it libben 777 ferhalen tagelyk wie en dat it „Ik” as in oktopus om him hinne gripe moast om alles te fetsjen wat om dy hinne en yn dy barde en dêr foarm oan jaan moast, in nije foarm', alsa Schierbeek yn 1960.

In kollaazje is in gearfoeging fan ûngelikense en ûngelyksoartige eleminten. Mear as sechstich jier nei *Het Boek Ik* ha de measte skriuwers en dichters net in protte nocht mear oan radikale eksperiminten mei de foarm yn literatuer, mar dat 'ik' as kollaazje stiet noch rjocht oerein. Op ûnderskate nivo's.

Op it foarste plak belibbet de minske himsels as in wêzen mei in protte, bytiden dreech mei-inoar te rymjen aspekten. De tekst dy't er dan makket, as er skriuwer of dichter is, hat ek ûnderskate achtergrûnen. Treds makket de lêzer fan dy kollaazje-tekst, skreaun troch in ik-kollaazje, syn eigen kollaazje. En dy lêzer is, útsoarte, ek sels wer in kollaazje. Dûzelet it jo al?

Yn twa belangrike dichtbondels dy't dit jier oan de Fryske literatuer taheakke binne, spilet it 'ik' bepaald net swak by. Ik doel op Elske Kampen har tredde bondel *Man en mem* (Afûk) en Eppie Dam syn fjirtjinde, *Fallend ljocht* (Friese Pers Boekerij). *Man en mem* lit him lêze as in bondel dy't oanslút by it gedachtegoed fan de Fyftigers, net sasear op it mêd fan tekstuele foarmeksperimenten mar wol yn de diffuse behanneling fan it 'ik'. Wylst yn *Fallend ljocht* sprake is fan in tradisjonele, ienfoarmiger 'ik', dat lykwols driget ôf te broazeljen en te ferdizjenjen.

Optocht oan ikken

'Ik bin der net, ik lien my út en neat kin ik dêr oer sizze', meldt as programmatyske paadwizer it earste gedicht, *See en stien*, fan *Man en mem*. Yn de bondel nimt de ik allerhanne gedaanten oan: immen yn in himd, ien mei skerpe jongestoksen, ien dy't fallen is en leit, de mem, de frou dy't skilderet, de man dy't altyd lêze moat, in bern dat driuwt yn waarm skom, in ingel as in lichte tinte, de jongste soan, de ferpleechster – koartsein, in hele optocht oan ikken komt foarby.

Dat wol safolle betsjutte as dat de ik-dichter net fêstlein wurde wol, se wol net dat aspekten dêr't se fan wit dat sy se yn har meidraacht oan de krappe ein komme yn de tekst en sadwaande ûntkend of oer de holle sjoen wurde soene. Sy is ('..') alles wat ik meinaam wylst ik as in dief oer frjemde / hiemen gie (...). Wat dêr dan úteinlik fan oerbliuwt, is it lyts fossyl dat in dichtbondel is. In lytse werklikheid op himsels: 'Ik bin in lytse werklikheid, fan mysels haw

ik neat / yn my. Ik stean hjir inkelde mar om nei de wrâld / te sjen en om it ljocht dat yn my skynt te dragen.'

Fallend ljocht tematisearret it 'ik' ek, mar op in hiel oare wize. Net de emigraasje fan it ik yn ûnderskate personaes stiet sintraal, mar de basale einichheid derfan yn in slûpende sykte en, úteinlik, de wankende dea. 'Leau dat de skonken al wankel binne', dichtet Dam. 'Wist dat it kaam, mar moat it sa hurd? / Wêr moat it mei myn tinken hinne / as krisis op krisis steapele wurdt.' Dat sokke ferwizingen in biografyske achtergrûn fine yn it feit dat de dichter opskipe is mei (de begjinfase fan) de sykte fan Huntington mei de oanset ta de bondel west hawwe – foar de bondel sels, de tekst, is dat yn prinsipe net fan belang.


De twa bondels hawwe neist de klam op it 'ik' ek de kollaazje mien, mar op 'e nij net op deselde wize. By

'Ik bin der net, ik lien my út en neat kin ik dêr oer sizze', meldt it earste gedicht, *See en stien*, fan *Man en mem*

Elske Kampen, dy't neist dichter ek byldzjend keunster is, fine wy behalve in kollaazje fan ikken yn de tekst ek in kollaazje fan byldzjend wurk op it omkaft. By Eppie Dam sit it kollaazje-elemint yn de organisaasje fan de tekst yn fjouwer skiften. Wat 'Hear H.' oanrjochtet yn it ik komt nei foarren yn it earste skift; it wurdt wjerspegele yn it ferfal dat tiid en Zeitgeist it ynstitút tsjerke oandogge yn it twadde skift. Dêrnei folget omtinken foar, yn de eagen fan de dichter, bysûndere minsken (gauris skriuwers en skilders) foar wa't er wurdearring hie. Yn it ramt fan de bondel litte dy gedichten har lêze as earbewizen: it is net 'zij die gaan sterven, groeten u' mar earder 'hij die gaat sterven, groet jullie'.

It lêste skift bringt oersettingen fan njoggentjin fersen út de bondel *Theologisch traktaat* fan de Poals-Litouse Nobelpriiswinner en religieus frijtinker Czeslaw Milosz, dy't nettsjinsteande allerhanne twifels dochs fêsthâlde woe oan in eigen-sinnige foarm fan leauwe. Sa toant *Fallend ljocht* him yn syn opbou as in kollaazje dy't reiziget fan syktebegjin yn 'e rjochting fan 'e dea, mar dy't dochs net alhiel einiget yn mineur, en yn feite in oerwinning is fan in 'ik' – of, as jo wolle, fan de minsklikheid – op it grutte Neat. Net om 'e nocht is ien fan de motto's yn de bondel it neifolgjende fan Milosz: 'Mens-zijn wil zeggen: volkomen vreemdheid / te midden van de sterren. / Dat is voldoende reden om samen met anderen / heiligdommen op te richten / van onvoorstelbare barmhartigheid.'

Elske Kampen en Eppie Dam



Boven: Eppie Dam in de vogelkijkhut bij de Ezumakeeg in het Lauwersmeer. Onder: Elske Kampen in haar huis in Gytsjerk. Foto's: Marcel van Kammen/ Marchje Andringa

binne beide tige 'talige' dichters, wat safolle sizze wol as dat se gebrûk meitsje fan de muzikale mooglikheden (klank) fan de taal om harren fersen fierder te bringen. Kampen har hânskrift is dêrby meast sacht, rûn en ynhâlden. 'Sy hat har klanken fyn as ieren yn myn kiel dellein,' seit treffend de fjirde strofe fan it titelfers *Man en mem*. Dy toanhichte past goed by it yntrospektive karakter fan har dichtsjen, it aloan sykjen yn de binnenwrâld fan de ik-dichter nei eigen identiteit en skiednis. In bûtenwrâld bestiet amper yn *Man en mem*.

Hoe oars is dat by Dam, dy't mei syn like muzikale mar hoekiger taal earder bout as sjongt, yn syn lûd dat folle mear op de wrâld rjochte is en dêr wjerklank fine wol. Dat blykt fansels benammen út it twadde en tredde skift, oer de tebroazeljende tsjerkemuorren ('Moat ik gjin hûd yn dizze skuorren sjen, / in hân, de holle, alles wat Tiid feroaret, / it útsongen liet om behâld al ferlern?') en oer de freonen en ynspiraasjebo-

arnen. Oer de jong ferstoarne Russyske dichter Boris Ryzji: 'Sigeuner-frou koe al fertelle / dat him de dea

Sûnder poëzij is de wrâld kâld, keal en leech - in oarde dêr't gjin 'ik' libje kin

gau fine soe: / it wie har dizebol glêshelder / dat ien mei bergen wat en hoe / net al syn dagen fierder koe.'

Grif sil de stilte fan Kampen yn guon earen hjir en dêr freegje om in skreau, en grif wol Dam in inkelde kear safolle sizze dat it praten de poëzij oerstimt. Mar dúdlik is dat de wrede muze dy't de Fryske poëzij is, mei dizze twa bondels, hoe ferskiend se ek binne, twa kear fier boppe slein hat. Dat hat behalve mei talint en taalgefoel benammen te krijen mei needsaak. Ommers, sûnder poëzij is de wrâld kâld, keal en leech – in oarde dêr't gjin 'ik' libje kin –, in wrâld, net embryonaal sa't er wie 'in den beginne', mar sinleas, sa't er alle dagen wer driget te wurden. Om't se as ynset hawwe, en ek by steat binne, om dat gefaar atleast in bondel lang te beswarren en op te kearen, hearre Kampen en Dam yn myn eagen ta de grutste grutmasters dy't ús poëzij ken.

Nei oanlieding fan de útjefte Eppie Dam, *Fallend ljocht* (Friese Pers Boekerij, Ljouwert 2014) en Elske Kampen, *Man en mem* (Afûk, Ljouwert 2014)